

Mais ûnder foly bliuwt perspektyffol. It levert mear setmoal de hektare op en mais kin earder fan it lân. Nije foly ferbettert de ûnkrûdbestriding.

## Folymais biedt perspektyf, areaal groei

Midden jierren tachtich rûn de teelt fan snijmais ûnder foly stikken op it minne ôfbrekken fan de foly. It Ierske Samco, dat de foly en byhearrende masine foar it siedzjen levert, yntrodusearre de folymais wer yn Nederlân yn 2009. Yn dat jier stie 27 hektare folymais yn Nederlân. Yn 2012 wie dat 1.207 hektare (0,5 prosint fan it totale mais areaal yn Nederlân) op 200 bedriuwen. Noardwest Europa telt sirka 50.000 hektare folymais. Kommend jier ferwachtet Samco in stabile oant lichte groei fan it areaal folymais, wêrby de technyk ferbettert foar fierdere tapassing.

PPO ûndersiker Jos Groten sjocht dat by minder geunstige waarsomstannichheden de hegere kosten fan folymais, €250 oant €300 de hektare, net altyd goedmakke wurde troch in better gewaaks.

Foarich jier wie de grûn yn de wiete maitiid kâld en foelen de opbringsten fan folymais op de lichtere klaaigrûn troch slimpen tsjin.

Lykwols, nei mear jierren fan folyteelt ferbettert de boaiemstruktuer troch in betide rispinge fan mais. Dit jout mear opbringst de hektare, mar dat lange temyn effekt sjocht in greidboer net daliks werom yn de beurs. Datselde jildt foar it finansjele foardiel fan earder ynsiedzjen fan gers nei mais mei in bêste earste sneed gers yn de maitiid.

### Wêr tele?

Sa'n 100.000 hektare maislân op klaaigrûn is geskikt foar folymais; sok lân is meast te finen yn Fryslân, Grins en Noard-Hollân. Yn it kâlde noarden kinne greidboeren mei folymais twa wike earder ynsiedzje (by foarkar gjin hele betide rassen) en faak al mids septimber rispje. Troch it earder telen is it risiko op minne waarsomstannichheden lytser.

De hege temperatuer ûnder foly soarget foar in flugge groei en ûntwikkeling fan it gewaaks. De mais bloeit earder en it setmoalgehalte is heger. Ut kuilanalyses docht bliken dat folymais de lêste fjouwer jier gemiddeld 54 gram setmoal de kilo droege stof mear oplevert as mais sûnder foly.

Foar greidboeren yn it noarden mei relatyf in bytsje mais kin de teelt fan in bêste kwaliteit mais flink besparje op oankeapen fan djoer krêftfoer en byprodukten. Neffens Groten is mais ûnder foly op draachkrêftige grûn yn Súd Nederlân ek in opsje, mar dat bart noch net. Mei ynsiedzjen fan lette rassen ûnder foly is dan in mearopbringst mooglik.

Nei ôfskaffen fan it molkkwotum yn 2015 en de ferwachte hegere molkproduksje yn Nederlân nimt it belang fan hegere rûchfoer opbringsten en mear setmoal de hektare ta.

### Ferbetterpunten

Unkrûdbestriding is by folymais lestich. Troch de waarmte ûnder de foly dijt net allinne de mais goed, mar ek ûnkrûd.

Kommend seizoen levert Samco in nije foly, dy't twa wike flugger ôfbrekt as de âlde. Dan is flugger in folgjilds twadde ûnkrûd bespuitsjen mooglik. By hiel betiid siedzjen, foar heal april, is dy fluch ôfbrekkende foly gjin opsje, omdat it dan net waarm genôch wurdt ûnder de foly.

De leanwurkers passe de Samco masines oan om yn in wiete maitiid ticht slimpen fan lichtere grûn foar te kommen. Leanbedriuw Poland yn Waarland (N.H) hie syn masine foarich jier al oanpast, wêrtroch de resultaten mei folymais yn Noard- Hollân op lichtere grûn gemiddeld better wienen as yn Fryslân en Grins.

It is belangryk om maisrassen te kiezen dy't geskikt binne foar teelt ûnder foly.

Pioneer docht al tsien jier ûndersyk nei folymaisrassen en jout op har rasselist de geskiktens foar folyteelt oan. It krekte kiezen foar it goede ras fergruttet de kâns op sukses.

*De Samco masine foar it siedzjen soarget yn ien wurkgong foar ynsiedzjen fan mais, bespuitsjen, it oanbringen fan de laach plestyk en it opfuorgjen.*

Mais onder folie blijft perspectiefvol. Het levert **meer zetmeel per hectare** op en mais kan eerder van het land. Nieuwe folie verbetert de onkruidbestrijding.

## Foliemais biedt perspectief, areaal gaat groeien

**M**IDDELEN jaren tachtig liep de toek van stijgmais onder folie stuk op de slechte afweerkbaarheid van de folie. Het Ierse Samco, dat de folie en bijbehorende zaaimachine levert, herintroduceerde de foliemais in Nederland in 2009. In dat jaar stond 27 hectare foliemais in Nederland. In 2012 was dat 1.207 hectare (0,5 procent van het totale maisareaal in Nederland) op 200 bedrijven. Noordwest-Europa telde circa 50.000 hectare foliemais. Komend jaar verwacht Samco een stabiel tot lichte groei van het areaal foliemais, waarbij de techniek verbeterd wordt voor verdere toepassing.

PPO-onderzoeker Jos Groten ziet dat bij minder gunstige weersomstandigheden de hogere kosten van foliemais, €250 tot €300 per hectare, niet altijd worden goedgemaakt door een beter gewas. Vorig jaar was de grond in het nate voorjaar koud en vielen de opbrengsten van foliemais op de lichtere kleigronden door verslemping tegen. Echter, na meer jaren folietecht verbetert de bodemstructuur door een vroegtijdige maaiopstap. Dat geeft meer opbrengst per hectare, maar dat langetermijneffect ziet een veehouder niet direct terug in de portemonnee. Datzelfde geldt voor het financiële voordeel van eerder insaaien van gras na mais met een goede eerste grasmaai in het voorjaar.

### Waar telen?

Zo'n 100.000 hectare maisland op kleigrond is geschikt voor foliemais; zalkland is het meest te vinden in Friesland, Groningen en Noord-Holland. In het koude Noorden kunnen veehouders met foliemais twee weken eerder insaaien (bij voorkeur geen zeer vroege rassen) en vaak al medio september oogsten. Door teeltovervreging is het risico op slechte oogstomstandigheden kleiner.

De hoge temperatuur onder folie zorgt voor een snelle gewasgroei en -ontwikkeling. De mais bloeit eerder en het zetmeelgehalte is hoger. Uit kulturenalyse



De Samco-zaaimachine zorgt in één werkgang voor maisinzaai, bespuiting, het aanbrengen van de laag plastic en het aanmaiden. FOTO: PINK COMMUNICATIE

blijkt dat foliemais de laatste vier jaar gemiddeld 54 gram zetmeel per kilo droge stof meer oplevert dan mais zonder folie.

Voor veehouders in het Noorden met relatief weinig mais kan de toel van een goede kwaliteit mais flink besparen op aankoop van duur krachtvoer en bijproducten. Volgens Groten is mais onder folie op draagkrachtige gronden in Zuid-Nederland ook een optie, maar dat gebeurt nog niet. Met insaai van late rassen onder folie is dan een meeropbrengst mogelijk.

Na afschaffing van het melkquotum in 2015 en die verwachte hogere melkproductie in Nederland neemt het belang van hogere ruwvoetopbrengsten en meer zetmeel per hectare toe.

### Verbeterpunten

Onkruidbestrijding is bij foliemais lastig. Door de warmte onder de folie gedijt niet alleen de mais goed, maar ook onkruid. Komend seizoen levert Samco een nieuwe

folie, die twee weken sneller afbreekt dan de oude. Dan is sneller een volvelds tweede onkruidbespuiting mogelijk. Bij zeer vroege zaai, voor half april, is die snel afbreekbare folie geen optie, omdat het dan niet warm genoeg wordt onder de folie.

De loonwerkers passen de Sameo-machines aan om in een nat voorjaar dichtstempelen van lichtere gronden te voorkomen. Loonbedrijf Poland in Waarland (N.-H.) had zijn machine vorig jaar al aangepast, waardoor de resultaten met foliemais in Noord-Holland op lichtere gronden gemiddeld beter waren dan in Friesland en Groningen.

Het is belangrijk om maisrassen te kiezen die geschikt zijn voor teelt onder folie. Ploover doet al tien jaar onderzoek naar foliemaisrassen en vermeldt op haar raslijst de geschiktheid voor folietecht. De juiste risikoeuze vergroot de kans op succes.

Janet Beekman